

TR. RIEMERSMA / IN NATURALISTYSKE NEIKOMMER

*Durk van der Ploeg: In man en in minske,
Laverman NV, Drachten – 1968*

Nei it lêzen fan Van der Ploeg syn earste roman komt jin de aeklike resinsinte-stoplape yn 't sin: der is net folle kweas fan to sizzen, mar binammen ek net folle goeds.

De roman is better as de forhalen dy't Van der Ploeg oant nou ta publisearre hat. Guon dêrfan haw ik my mei tsjinsin trochhinne wraksele, wylst ik de roman dochs frij flot útlêzen haw. Ik bin bliid dat Van der Ploeg fan it hallusinaire, symboalyske, fisionaire gedoch ôfstapt is en him bikeard hat ta de dingen dy't foar hannen en foar eagen binne. Mar ik fyn it spitich dat er him ta it oare uterste, dat fan it naturalisme, bikeard hat.

Hwant *In man en in minske* is in naturalistysk boek. Dy't hwat thús is yn it wurk fan S. K. Feitsma, sille de oerienkomsten daliks opfalle. De fize, ûnsmaeklike kant fan minsken en dingen, it nearzige en stjonkende wurdt biskreaun, en dat sûnder klam, sûnder protest, sûnder sarkasme en sûnder humor.

It toniel dêr't it forhael him ôfspilet is typysk naturalistysk: in streekje huzen in ein bûten it doarp (Godsearmelazerusbuert) dêr't noch twa fan biwenne binne en de oaren tichtspikere mei planken, hwat "grien útslaende" hokken, in modderreed dy't nei it doarp laet en tusken de huzen en hokken in iepene goatte – "Jan giet der út en bigjint de goatte leech to klauwen. De blauwe drek smyt er yn it gers. Hy wurdt mislik fan de sûre stank. It wurdt him swart foar de eagen as er al to lang foaroer stiet. Der farre feltsjes fan 'e molke troch de goatte en théblêdden, lytse stikjes skyl en de earwatsjes fan Tsjits. Jan rachelt yn 'e goatte. Der komt in skoat wetter fan Gâts oan dat it swarte rivierke wer aktiver makket. It wetter siket in útwei tusken de hokken troch" (s. 9/10).

Noch in hânfol sitaten:

"Mei in eintsje sigaer tusken de tosken bliuwt er op 'e rânne fan it

ledikant sitten pluzet him wakker tusken de teannen. Hy konsintrearret him geduldich op 'e swarte koarstkes dy't er der mei de neils ôfskrabet". (s. 29).

"Se heart him yn 'e keamer kommen en yn it tsjuster om skeuveljen. Op 't lêst kriget er de poat ûnder de stoel wei en dêr bigjint it gerattel." (s. 26).

"Eardat er nei de souder giet, stiet er earst noch in skoft yn 'e blikke to pisjen. It liket wol dat der gjin ein oan komme sil. Safolle drank ha 'k dochs jouns ek net hawn, tinkt er. Kjeld, klearebare kjeld dy't ik der nou út arbeidzje." (s. 41/42).

"Tsjits leit in skoft op hannen en fuotten to krôkjen..." (s. 52).

"Jan kriget de tosken út de beker mei wetter dêr't de hûltsjes fan it roggebrea yn driuwe. Mei de toskeboarstel strykt er oer it sjiippebakje. It gebit fielt him glysterich yn 'e hannen. Hy kin it samar yn de stiennen bak knoffelje litte. As se him sa stean seach soe se him de bealch fol skelle. Fordomde kloat, krij dy tosken dan ek ris better yn 'e klauwen. Hy heart it krekt sa't se it sizze sil sûnder tosken yn 'e mûle, sûzjend by de essen en blazend fan liikens. Der sit bôle tusken de tosken, dame, fize rotsoai, hear! Hiest it wolris earder út 'e mûle dwaen mocht. Jakkas, hwat in rotstank, allegear forgiene stikjes iten. Krimmenikus, it wurdt hjir en dêr al grien tusken de tosken. As ik dy rotsoai der mar wer ôfkrij. It is him glysterich tusken de fingers. Elk momint is er bang dat it him út 'e fingers snippe sil. Sa lang at se nou op 'e koai lein hat hawwe de tosken der oars net út west as mei 't spuijen." (s. 53).

"Ik moat spuije, ropt Tsjits as hat se de mûle al fol gear iten. Hy lit de tosken oer it oanrjocht klitterje, rint troch it gonkje en bliuwt yn 'e keamersdoar stean. Se stiet op hannen en fuotten mei de rêch yn in bôge op bêd. In kop as in poat en de beide hannen yn it kessen plante en dêr efter steane har boarsten as swiere pylders ûnder it lichem." (s. 54).

"Mar dan ynienen is se stil, hwant de mûle sjit har fol. Mei in kop as in boei en bolle wangen hinget se boppe it bêd. Jan skuort de poat ûnder it bêd wei en stekt dy tusken de wiid útsteande polsen. Se lit in mûlfol yn 'e poat rinne, set de rêch op 'e nij omheech as in kat yn need. Se koarret hwat skûm yn 'e poat, hoastet as in hokling, hwerby it hiele lichem har op en del skoddet yn it romme jak." (s. 54).

"Hy heart alles fan har, hoe't se smûcht, rochelt en hoastet. Dan skoddet alles en it bêd giet piipjend hinne en wer. Se leit sa'n hele lange dei mei de kont nei him ta. Twa grouwe bulten ûnder de

tekkens en yn it kessen in grize tûfe hier.” (s. 59).

”In djippe krôke jowt har forromming.” (s. 62).

”Mei in gjalp fleant Tsjits oerein en leit op hannen en fuotten yn it bêd mei de mûle fol gear iten, makket fremde lûden om Jan to bitsjuten dat se de poat wer ha moat. Se koarret en blaest lange slimen fan ’e mûle.” (s. 67).

”Hwat moatte Jo wol net fan my tinke, dat ik hjir foar Jo yn it stof liz, mei de bek op ’e pispoat. Ik moat my foar Jo skamje, God, nou’t ik hjir by Tsjits ûnder it bêd omklau, mei de fingers yn ’e mige.” (s. 84).

”It matras bigjint alheel troch to sakjen. Dyn grouwe kont sakket suver troch it bêd hinne. It springfear rekket de groun aenst ast sa troch giest. Dou bist yn ’e himel, mar dêrom hoechst net sa fier nei ûnderen to sakjen datst my op ’e kop hingest, dame. Ik liz hjir ek fatsoenlik. It drupt hjir ek, fanke. Dou koest wol yn ’e broek miïgd ha. Dat is stout fan dy, hear. Fiis fanke, mei net broekjepisje, mei net bedtsjepisje. Lytse pop stout. Kom, ik sil de poat ûnder de drip sette, oars rint it aenst de hiele keamer oer; dan kin ik de learzens straks wol oandwaen. Fiislak. Swakke blaes, hear. Tonei potsjepisje, potsjepoepe. Moatst it tsjin Jan sizze. Fordomme, siz dan hwat, mar liz dêr net sa heislik to migen en to rotsjen.” (s. 85/86).

”Dan skout er it glês fan ’e kiste en triuwt Tsjits it gebit tusken de stive kaken. As er de mûle iepen bûcht leit de tonge as in grouwe swarte slak opkrôle. De suster hat har in lûsjefersdoaske ûnder it kin set, mar Jan kin it spul net wer toplak krije. Der leit gjin fredige glâns mear oer har gesicht. Se hat de toskan driigjend foarút as in rôfdier. Elke kear as Jan se nei efteren triuwt komme se wer nei foaren. Dan triuwt er har it kin wer omheech mei in hûskerôle der ûnder.” (s. 93).

”Sa bliuwt er yn tinzen boppe de kiste stean en pluzet him in grou poek út ’e noas.” (s. 96).

Ik leau dat ik genôch foarbylden bybrocht haw dy’t it naturalistyske fan Van der Ploeg syn styl biwize kinne. It tal kearen dat der skiten, mygd, krôke, koarre, goathimmele, rochele, rachele, kwile en flybke wurdt is bysûnder heech. Net dat ik it boek dêrom ôfwis; it is wol slim ûnsmaeklik, mar dat mei hinnebruije. Wol freegje ik my ôf hwat Van der Ploeg mei dizze, lit ús sizze: ûnesthetyske útbylding fan minskene hâlden en dragen foar hat. It stellen fan dizze fraech ymplisearret dat it boek my net rekke hat. Né, ik bin der kâld ûnder

bleaun, ’k haw nou en dan ris glimke om de fize rotsoai dy’t Van der Ploeg útstalde.

Neffens Van der Ploeg sels (sjoch: *De Tsjerne* 1968, 433) is *In man en in minske* in pretinsjeleas forheal. Dat is it fansels net. It is gjin forhael. De plot is to meager om dit boek ”forheljend” neame to kinnen: aventûren komme der net yn foar, spanning hat it net. It giet yn dit boek om de útbylding fan it minskelibben, om de visy fan Van der Ploeg op de wrâld. Dit boek hat de pretinsje literatuer to wêzen – skokkende lektuer.

Dy pretinsje is net wiermakke, dit boek skrillet net op, en dat komt om’t de wize hwerop’t Van der Ploeg syn lêzers reitsje wol, forâldere is. As it boek yn 1898 forskynd wie, hie it funksje hawn, hie it ta de avantgardistyske literatuer heard en wie it grif forkettere wurden. Dan hie it net slim west dat de skriuwer Van der Ploeg folslein efter de skermen bliuwt – hy engagearret him net mei syn persoanen, bidoel ik –, yn dat gefal hie it objektive, saeklike notearjen fan hwat der troch libbens goatte spielt krekt de sterke kant fan ’e roman út makke, yn dy tiid hie it skriuwen fan dit boek biwiis fan engagezje-mint genôch west.

Dit boek is sawntich jier to let skreaun. Dat wol net sizze dat it dêrom min is, mar al dat it gjin funksje mear hat: it is oerstallich.